



# **SET 'M OP, JAMES!**

**(What's up, James?)**

**Klucht yn fjouwer bedriuwen fan**

**JULIA ENGELEN**

**Fryske oersetting**

**Gurbe Dijkstra**

**TOONEELUITGEVERIJ VINK B.V.**

**Tel: 072 - 5 11 24 07**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

**Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

## **VOORWAARDEN**

Alle amateurverenigingen die het stuk: **SET ‘M OP, JAMES – WHAT’S UP, JAMES?** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **JULIA ENGELEN** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: © 2021 Toneelfonds Janssens**

**Internet:** [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)

**E-mail:** [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

**Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **9** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË:** Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten, Telefoon (03)3.66.44.00, E-mail: [bestellen@toneelfonds.be](mailto:bestellen@toneelfonds.be) en Website: [www.toneelfonds.be](http://www.toneelfonds.be).

**Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

## **PERSOANEN:**

JAMES BUTLER, butler, fjirtiger

JUFFER KOARTLING, persoanlike assistinte Harry, fjirtiger

HARRY VOETS, teäter-produsint, tsjin de sechstich

MARIA, flotte húshâldster

IMELDA VOETS, frou fan Harry

EVELIEN, dochter fan Harry en Evelien, teenager

JANINE BISKOP, aktrise

KEVIN JANSEN, akteur

JOHN RIKEMAN, rike yndustrieel

SIKEBROEDER, figurant mei tekst

SIKEBROEDER, figurant

## **DEKOR:**

De wenkeamer fan Harry. In gesellige, weelderige romte mei oan de rjochterkant de foardoar, sa ek de bar. Linkerkant in doar nei kantoar en doar nei de keuken. Achterwand: in pear treedsjes nei boppen. Sintraal in sofa, fierder ynrochtsje nei eigen smaak.

## EARSTE BEDRIUW

(James faget mei in biezem. De bel giet. Hy faget gewoan troch.  
Opnij de bel)

**JAMES:** (ropt) De bel! (faget troch. Opnij de bel. Ropt) De bel giet!  
(tsjin himsels) Wa hâld ik no foar de gek? As soe der ien oars de  
doar iepen dwaan. It soe doch moai wêze, al wie it mar foar ien  
kear. (bel) Jaja, ik kom al, hastige spjirring. (docht bûtendoar  
iepen, Juffer Koartling op) Och, do bist it mar.

**KOARTLING:** Krekt, myn eigen skitterjende sels. Bling-bling.

**JAMES:** Ferrek, ik krij direkt pinekop. (set sinnebril op) Folle better.

**KOARTLING:** Is myn bloedmoaie ferskining te folle foar dy?

**JAMES:** Geastich. Nee, sa sjoch ik dy wrat net. O, wachtsje,  
(sinnebril ôf) nee doch, ferdraaid, it is dyn noas. (gnysket)

**KOARTLING:** Hiel grappich, James. Hiel grappich.

**JAMES:** Ik wit it juffer. Myn grappen binne hiel ferneamd ûnder de  
butlers. Ik bin in echte hit, in fenomeen.

**KOARTLING:** In tornado is ek in fenomeen, en like destruktyf. Is  
Harry der net?

**JAMES:** Hy is nei de regisseur, Dolman en noch wat.

**KOARTLING:** Dolman! Ferdoarje, dan komt er noch lang net thús.  
En ik moat him driuwend te wurd.

**JAMES:** (biedt de biezem aan) Asjbleaft, pak fêst.

**KOARTLING:** Wat moat ik dêrmei?

**JAMES:** Spring derop. Jou gas, wa wit hellest 'm noch yn. En ferjit  
dyn swarte punthoed en toverstok net.

**KOARTLING:** Tink der mar om of ik toverje dy om yn in kikkert. Sa  
dreech kin dat net wêze, do bist al sa grien as gers, de slimen  
drippe fan dy ôf en kikkert-billen hast ek al.

**JAMES:** O, wat binne we wer geastich.

**KOARTLING:** Ik wit it. Myn grappen binne hiel ferneamd ûnder de  
sekretresses. (laket)

**JAMES:** (smeulsk) O, sekretresse.

**KOARTLING:** Ik bedoel fansels persoanlik assistinte.

**JAMES:** En do soest graach yn wat mear assistearje as yn papierwurk, netwier?

**KOARTLING:** Wat wolst dêrmei sizze?

**JAMES:** Harry leafste, myn bêste baas oait...

**KOARTLING:** En wat dan noch?

**JAMES:** En dan dy plakette dy'tst foar 'm makke hast. Wat stie dêr ek alwer op? 'The best king-size producer!'. Wat in flikfloaierij.

**KOARTLING:** Ik bin Harry slim tagedien. (*docht jas út en jout dy James*)

**JAMES:** Like maartsk as de earste de bêste kat.

**KOARTLING:** Ik bewunderje him, net mear as dat.

**JAMES:** Jaja. Wat moat ik hjirmei...? O ja. (*smyt de jas neist de kapstok*)

**KOARTLING:** Bist gek! Krij dy jas op! (*James docht krekt as is se der net en bestudearret syn neilen. Striid tusken beide. Nei in skoftsje krijt Koartling de jas sels op*) Dy jas hat in fermogen koste.

**JAMES:** Al binne de fearren noch sa bont, in hinnekont bliuwt in hinnekont.

**KOARTLING:** (*ploft op sofa del*) Sjit op, jou my in Martini.

**JAMES:** It is noch mar tsien oere. (*Koartling sjocht lilk*) Goed, atsto dy pear harsensellen dy'tst noch hast, foar de middei al likwidearje wolst, sil ik dy graach helpe.

**KOARTLING:** Ik ha 't noadich. Harry sil it ek noadich ha at er heard wat ik fanmoarn te witten kommen bin. Ik bin gewoan wanhopich.

**JAMES:** Ik sil tou helje. (*gebearte fan hingjen*)

**KOARTLING:** (*drinkt glês yn ien kear leech*) Us nije projekt leit op syn gat. De haad-ynvestearder, Steensma, hat 'm weromlutsen.

**JAMES:** Bist der no noch net oan wend dat in man him by dy weromlûkt? En dêrmei bedoel ik net dat er foar it sjongen de tsjerke útgiet, mar überhaupt de tsjerke net **yngiet**.

**KOARTLING:** James! Hast net heard wat ik sei? Steensma hâldt der mei op. Hy seit, en ik sitearje: 'dizze katastrofale produksje fertsinnet de kontener, punt, útropteken'. Sûnt Peter van der Meer de ôftocht blaasd hat, rint de hiele produksje op in

mislearing út. We moatte net allinne in nije haadrolspiler sykje, mar ek in nije jildsjitter. Dit is in ramp!

**JAMES:** It sinken fan de Titanic wie in ramp. It útbrekken fan de Vesuvius yn Pompeï wie in ramp, de...

**KOARTLING:** Dit is in ramp, sis ik dy.

**JAMES:** Och kom no.

**KOARTLING:** Dizze produksje hat oant no ta allinne mar jild koste. En de foarige produksje hat gjin stoer opbrocht. Alle akteurs holden der mei op.

**JAMES:** Krigen se net allegear de mûzels?

**KOARTLING:** Bin' se profesjoneel of net? At it sa trochgiet, giet Voets Produksjes fallyt. En wa betellet dy dan?

**JAMES:** Do hast gelyk, dit is in ramp.

**KOARTLING:** Ik ha mear as tsien potinsjele finansiers belle en se freegje allegear wa't de haadrol spylje sil. Dus wa sil de haadrol spylje? Wa?

**JAMES:** Wêrom dochst it sels net? Do makkest fan elke dei al teäter.  
*(Maria komt lûd sjongend de trep del)*

**KOARTLING:** Och, de radio is der ek wer. (*hâldt James it lege glês foar*) Folje noch es by, wolste.

**JAMES:** Se moatte der echt allegear oan leauwe, net? Dy harsensellen.

**KOARTLING:** Ik hoech se foarearst doch net mear te brûken.

**MARIA:** Sit se oan de drank?

**JAMES:** Meist net wer riede, Maria. Hast fjirtich, noch altyd allinnesteand en dan sa'n uterlik.

**MARIA:** Mankearret dy wat oan de eagen? Dat uterlik is neat mis mei. Hast de keamer al oanfage?

**JAMES:** Ik wie der mei dwaande mar doe kaam dy heks deryn en dy moast de biezem brûke. Nei in rûntsje om de tsjerketoer soe it hier wol wer goed sitte, tocht se.

**KOARTLING:** Ik ha teminsten gjin fûgelnestje op de holle. Allinne de aaien ûntbrekke noch. O nee, wachtsje, dy binne fansels al lang it nêst út rôle en sitte dy no yn de broek. (*laket folút*) Stiest moai foar aap. Och wat sis ik, dat is ommers dyn aard. Do giest net

foar neat alle sneinen nei dyn famylje yn de bistetún. Doch se de oare kear de groetnis.

**JAMES:** (*tsjin Maria*) Se hat de humor fan in dinosaurus: grof, in smoarge bek en belust op bloed.

**KOARTLING:** O ja skat, ik mei dy wol rau.

**JAMES:** (*tsjin Maria*) Wat sei ik, dinosaurus.

**KOARTLING:** Wêr bliuwt dy Martini? En wêr bliuwt Harry?

**MARIA:** Menear Harry soe foar de middei wer thús wêze. Ik moast foar salade en byfstik soargje.

**KOARTLING:** Yt syn frou net mei?

**JAMES:** Mefrou is nei de moai-makker. Skile, waakse, lifte en opfolje. En juffer Evelien is op dieet. Dy yt net mei. (*skinkt Martini yn*)

**MARIA:** Earme juffer Evelien. Dy is altyd op dieet.

**JAMES:** Ik leau dat de juffer har each falle litten hat op Kevin Jansen, dy akteur. Se trof 'm yn de foyer by de premjère fan Les Misérables.

**MARIA:** Is se wer fereale? Wer op in akteur? Dat sil har heit net leuk fine.

**KOARTLING:** Nee, Evelien wikselt fan jonges lykas ik fan skuon.

**JAMES:** Oan dy fuotten fan dy past gjin inkele skoech. Al es oan in amputaasje tocht? Lit dan daliks de tonge ek fuorthelje. (*drinkt*)

**KOARTLING:** Hee, dat wie myn Martini!

**JAMES:** Leave deugd, ha ik út dyn glês dronken. (*tsjin Maria*) Belje it anty-gif-sintrum.

**MARIA:** Sorry, do silst it mei de dea bekeapje moatte. Tsjin dat gif is gjin tsjingif woeksen. (*James en Maria dogge in high-five*)

**KOARTLING:** Mei ik jim yn 't sin bringe dat ik in grutte ynflood op Harry ha. Ik soe jim sa op 'e dyk sette litte kinne.

**JAMES:** (*tsjin Maria*) It skynt dat in kobra syn gif wol fiif meter fier spuie kin. (*hy en Maria dogge in grutte stap tebek*)

**MARIA:** Tinkst dat we hjir feilich stean?

**JAMES:** We kinne altyd noch in hântas fan har meitsje. It fel hoecht net iens loaid te wurden. (*Evelien komt trep del. Maria begjint te feien*)

**EVELIEN:** James, wêr is ús mem?

**JAMES:** Mefrou is nei de fisazjiste, juffer Evelien.

**EVELIEN:** Ha nee. En wannear komt se thús?

**JAMES:** Let yn de middei, juffer.

**EVELIEN:** Mar ik moat har wat freegje.

**KOARTLING:** Kin ik jo faaks helpe, juffer?

**JAMES:** (*tsjin Evelien*) Tink derom, se rekkent twa hûndert euro yn 't oere.

**EVELIEN:** (*tsjin James*) Ik ha Kevin Jansen hast fyftich app-kes stjoerd en berjochtsjes achterlitten op Facebook. Mar gjin reaksje. En hy wie noch sa galant op de premjère fan Les Misérables. Wêr is heit?

**JAMES:** Menear sil tsjin de middei wer thús wêze.

**EVELIEN:** Dan sit der neat oars op as te wachtsjen.

**KOARTLING:** Juffer Evelien, ha ik dat goed begrepen? Hasto kunde oan de briljante akteur Kevin Jansen? En hasto syn mobile nûmer?

**JAMES:** (*tsjin Maria*) As in hûn dy't de woarst fan de slachter rûkt.

**EVELIEN:** Ja, mar hy reagearret alhiel net.

**KOARTLING:** Ik kin dy grif helpe. Sjochste, wy sykje noch in akteur foar ús nije produksje.

**EVELIEN:** En Peter van der Meer dan?

**KOARTLING:** O dy. Dy foldocht net. Kevin Jansen lykwols foldocht prima. Sa'n sjarmante, kreaze, blitse man. En dat garisma. Ooo.

**JAMES:** Wolst in doekje om de flibe ôf te feien?

**KOARTLING:** Snapst it dan net, domme kappesiner-aap. At we in akteur as Kevin Jansen binnen helje, stroffelje de jildsjitters oer elkoar hinne om mei te dwaan. (*tsjin Evelien*) Leave, soesto my it mobile nûmer jaan wolle? Ik doch wünders mei in telefoon.

**JAMES:** Foaral at er op triljen stiet.

**KOARTLING:** Jou mar op, juffer Evelien. Ik regelje dit saakje foar dy.

**EVELIEN:** Okee. (*jout kaartsje*)

**KOARTLING:** Hoho, do hast syn kaartsje. Berntsje, meitsje dy mar gjin soargen. Hy hat ynteresse.

**EVELIEN:** Wêrom reagearret er dan net op myn berjochtsjes?

**KOARTLING:** Guon manlju dogge graach krekt as, dat pept har ego op. (*besjocht kaartsje*) Mmmm, it adres stiet der ek op. Geweldich. Sjoch berntsje, dit is watst dwaan moatst om in man te ferlieden.

**JAMES:** (*tsjin Maria*) Yn har gefal in narkoaze-middel en hânboeien.

**KOARTLING:** (*bellet*) Hallo, mei Marko's delikatessen? Ik soe graach in bestelling trochjaan wolle. In flesse sjampanje, in doaze Kubanen en in doaze fan dy fijne pralines. Alles kin nei de Heverleelaan 12 brocht wurde. Sa gau mooglik... De rekken? Stjoer dy mar nei Harry Voets. O ja, en doch der in kaartsje by, wolste, mei de kompliminten fan Voets Produksjes. Doeck!

**JAMES:** Op rekken fan menear?

**KOARTLING:** Do tinkst doch seker net dat ik betelje om in man te ferlieden?

**JAMES:** Dat hat dy oars noch noait tsjinholden.

**EVELIEN:** Hela, hy is myn freontsje.

**KOARTLING:** Fansels leave. Komkom. Gau dyn hierkes waskje, make-up, neiltsjes, want hy komt der oan. (*triuwt Evelien de trep op*) Ekskús, ik moat in **hiel** soad belje. (*nei kantoar*)

**MARIA:** No ju, sa entûsjast.

**JAMES:** Dat is in froulige sprinkhoanne ek at se in beurt krijt.

**MARIA:** Altyd mar skimpe en lekskoiae.

**JAMES:** Ik kin der neat oan dwaan. Se ropt altyd it minste yn my nei boppen.

**MARIA:** Do witst wat se sizze: famkes pleagje is leafde freegje.

**JAMES:** Ik har leafde freegje? Ik spring noch leaver yn in fet hite oalje. (*ôf keuken*)

**MARIA:** (*poetst fierder, sjongt, de bel, poetst fierder, de bel*) James, de bel!

**JAMES:** (*op*) Och toe, kinsto net foar ien kear?

**MARIA:** Elk syn taak. Ik poets en do dochst de doar.

**JAMES:** Ik sil myn beklach dwaan by de fakbûn. De ôfstânsbetsjinning is net foar neat útfûn. Soe dat gjin prachtige oplossing wêze? Ik druk op in knopke en de doar súzet iepen. (*bel*) Jaja, ik kom al. Slavedriuwers. (*docht doar iepen. Janine*

*Biskop komt deryn. Ryk yn de klean, sinnebril. Maria falt de mûle iepen)*

**JANINE:** Hallo jonge. Wennet Harry Voets hjir?

**JAMES:** Jawol mefrou, mar de president fan Voets Produksjes is net thús.

**JANINE:** Dat docht der net ta. Ik wol him daliks te wurd. It is hiel belangryk. Helje 'm.

**JAMES:** Hy is der net, mefrou.

**JANINE:** It is juffer, mantsje. Wa bisto eins?

**JAMES:** Ik bin James, mefrou, eh, juffer. De butler.

**JANINE:** De butler. Hiel goed. Hingje myn jas op en skink my in Kir Royal yn.

**JAMES:** Menear Harry wurdt tsjin de middei wer thús ferwachte. Kinne jo dan miskien werom komme?

**JANINE:** (*smyt him de jas ta*) Nee, ik wachtsje. Ik wol him sa gau mooglik te wurd. Noch better, belje him.

**JAMES:** Menear Harry hat my útdruklik ferbean him lestich te fallen. Hy hat nammentlik in hiel belangryk petear mei de regisseur.

**JANINE:** Harkje goed, jonkle. Do bellest 'm, hearst my, of do kinst aansen tsjin de president fan Voets Produksjes sizze dat syn stjer-aktrise de plaat poetst hat.

**JAMES:** Aktrise? O, binne jo tafallich Janine Biskop?

**JANINE:** Moatst dat noch freegje? Lêsto de Story of de Privee net? Sjit op, wêr bliuwt myn Kir Royal?

**JAMES:** Komt der oan, juffer. Hat de juffer faaks ynteresse yn in petear mei de persoanlik assistinte fan menear Harry?

**JANINE:** Allee, sjit op, ja, ik leau dat ik har al oan de telefoan hân ha. Goed, helje har.

**JAMES:** In momintsje. Maria, atsto sa goed wêze wolst. Dan kin ik de juffer in Kir Royal ynskinke.

**MARIA:** Tinkst dat ik om in hantekening freegje kin? Se spile gewoan godlik yn dy film mei Pierre Bokma. Prachtige bleatsêne.

**JAMES:** Bleatsêne. (*besjocht Janine*) Ik mis in soad yn myn leven. Altyd mar wurkje. Soms soe ik wolle dat de rollen omdraaid

wiene. Ik in rike produsint mei in butler dy't alle smoarge putsjes opknapt.

**MARIA:** O ja, en ik dyn rike oare helte dy't alle wiken nei de fisazjiste kin.

**JAMES:** Sa ha je in dream en sa leit dy oan diggels.

**MARIA:** Hâld dy yn ja!

**JANINE:** Komt der noch wat fan? Myn tiid is kostber.

**JAMES:** Momintsje juffer. (*nei bar*)

**MARIA:** (*yn doar kantoar*) Juffer, jo wurde yn de keamer ferwachte.

**KOARTLING:** (*yn doar kantoar*) Sjochst net dat ik drok bin.

**MARIA:** It is belangryk. Janine Biskop.

**KOARTLING:** Wat moat dy hjir?

**MARIA:** Se wol menear Harry te wird, seit se. Fuortendaliks, seit se.  
Of se poetst de plaat, seit se. Yn de produksje, seit se.

**KOARTLING:** Wat! Oh myn god, dat soe in ramp wêze.

**JAMES:** (*jout Janine de Kir Royal*) Asjebleaft juffer. Jo Kir Royal.

**JANINE:** Einlings! Wat in lyts bytsje!

**JAMES:** It glês wie net grutter, juffer.

**KOARTLING:** Janine! Wat fijn om dy einlings yn it echt te sjen! Wy  
ha spitich genôch noch net de kâns hân om elkoar earder te  
treffen. Harry trouwens ek net.

**JANINE:** Dêrom ha ik in manager dy't my fan sokke lestige en  
ferfelende dingen ferlost.

**KOARTLING:** Fansels. Mar no bist der. Do sjochst der  
alderprachtichst út, strieljend gewoan. Do bist gewoan de top, de  
maks, numero uno.

**JAMES:** (*tsjin Maria*) Sa moat de slang yn it paradys ek praat ha. At  
ien my siket, ik bin yn de keuken. (*Koartling wiwt him ergere  
fuort. James ôf. Wer op en sleept Maria mei ôf*)

**KOARTLING:** Smakket de Kir Royal?

**JANINE:** Wat in ûnbeskofte butler!

**KOARTLING:** Ik wit it.

**JANINE:** Harry soe him daliks ûntslaan moatte.

**KOARTLING:** Dat soe myn dei goed meitsje, wat sis ik, myn wike, moanne, it hiele jier.

**JANINE:** Ik sil it him sizze. Eventueel wannear't ik it nije kontrakt ûndertekenje.

**KOARTLING:** Geweldich! Hie ik al sein dat jo bûtengewoane talinten ha? Nij kontrakt? Wat nij kontrakt?

**JANINE:** Ik ha myn manager witte litten dat ik ûnmooglik meiwurkje kin oan dizze produksje fan Harry Voets Produksjes, ûnder dizze omstannichheden.

**KOARTLING:** Watfoar omstannichheden?

**JANINE:** It ûntslach fan Peter van der Meer.

**KOARTLING:** Untslach? Neenee, hy is opstapt.

**JANINE:** Wolsto no beweare dat ik stean te ligen? Ik ha in treflike relaasje mei Peter en hy hat my witte litten dat jim him ûntslein ha. Dat kin ik ûnmooglik tolerearje. Ik ha bot nei de gearwurking útsjoen. Do kinst tsjin de presidint sizze dat ik opstap. (*oerein*)

**KOARTLING:** Opstap? Ja mar, dat giet samar net. Jo ha in kontrakt tekene.

**JANINE:** Nee skatsje, ik ha in foar-kontrakt tekene. It eigenlike kontrakt leit noch keal en bleat by de manager. Dus, ik bin sa vrij as in fûgeltsje. De gedachte allinne al om Peter dien te jaan. Sa'n briljante akteur, en dan dat manlike torso. Mmmm.

**KOARTLING:** Mar... eins... it sit sa...

**JANINE:** Ja?

**KOARTLING:** Jo kinne ús dit net oandwaan!

**JANINE:** Myn beslút stiet fêst. Ik gean.

**KOARTLING:** Nee doch... Jo kinne gewoanwei net fuort.

**JANINE:** En wa sil my tsjinhâlde?

**KOARTLING:** Wa...? eh... Kevin... Kevin Jansen.

**JANINE:** Pardon?

**KOARTLING:** Hoe soene jo it fine om te spyljen mei de winner fan twa telefyzjestjerren, de stjer fan de mega-produksje *Les Misérables*, de bink fan Media-lân, Kevin Jansen.

**JANINE:** Jim ha Kevin Jansen witten te strikken?

**KOARTLING:** O ja. Hy is, sjogge jo, in persoanlike freon fan de famylje. Hy stiet gewoan te springen om mei te dwaan.

**JANINE:** En hy hat it kontrakt al tekene?

**KOARTLING:** Eh... we moatte noch in pear puntsjes beprate, mar dat sil gjin probleem wêze. Dat sil by in gesellich tête-a-tête bepraat wurde, begripe jo, manluj unter elkoar.

**JANINE:** Mmmm, Kevin Jansen... Sit der in bleatsêne yn it stik?

**KOARTLING:** Ik leau it net. Jo spylje ommers Lady Macbeth.

**JANINE:** Och wat, net sa sedich. Ik easkje in bleatsêne, in frijsêne mei Kevin. Hy is doch myn tsjinspiler?

**KOARTLING:** Jaja, fansels. Mar der is gjin bleatsêne opnommen.

**JANINE:** Do tuthola. Ik belje daliks myn manager. Ik easkje in bleatsêne of ik stap op.

**KOARTLING:** Mar juffer Biskop, ik bedoel, de regisseur hat gjin bleatsêne opnommen, mar wat wit kinne wy him dêr wol waarm foar meitsje.

**JANINE:** Ik hear it al. Ik sil wer alles út de kast helje moatte. Ik haatsje it om gear te wurkjen mei amateurs. Dyn baas hie grif fuortdaliks ja sein.

**KOARTLING:** Dan kinne jo alles it bêste mei Harry beprate. Fanmiddei is hy der wol.

**JANINE:** Goed, kom ik fanmiddei wer. En do, âlde kween, do soargest derfoar dat Kevin Jansen der ek is, litte we sizze om twa oere hinne. Begrepen?!

**KOARTLING:** Mar juffer... jawol juffer. Sa't jo wolle juffer.

**JANINE:** (*nei doar*) Myn jas.

**KOARTLING:** Momintsje. (*nei keukensdoar, ropt*) James, juffer Biskop winsket ús te ferlitten.

**JAMES:** (*op*) En dan? Wat ha ik dêrmei te krijen?

**KOARTLING:** Har jas. Help har yn de jas.

**JAMES:** Dat deade fel. (*Koartling sjocht lilk*) Okee, ik gean al. (*pakt jas, helpt Janine deryn*) Ik hoopje dat jo it ferbliuw hjir by ús wat oangenaam wie, juffer?

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via  
[www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en  
toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.



[info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)



072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**